

De Geast fen God moat vrij oplôgje kinne yn it heilichdom fen ús siel en lichem.

Dan hawwe wy de eare fen God en it heil fen ús evenminske foar eagen.

Dan strûst de amme fen it Ivige en fen de Ivige troch ús hôf.

En dan moat de wrâld bikenne, det God in hearlik God is Genadich mar ek heilich. In Fader mar ek in Rjuchter. Sa wirdt Syn Namme greatmakke.

Sa komt Syn Ryk op ierde, ek troch ús. Amen.

G. A. WUMKES.

## Gesang CLIV.

Nou it hert ta God omhegen,  
't Is de dei fen sillichheit !

Suver is de minsk forlegen  
Mei it wirk det Hy ús seit;  
Alle wynsels wirde wei,  
't Is for ider ljochtskynde!

Hat ús God yn foarge jierren  
Inkeld 't each op Jakob slein,  
't Ljocht skynt blier nei 't fierste omfierren  
Selst oan't ierdrykst uterst ein.  
Ider bûcht for Jezus troan  
Bidt de greate Oerwinner oan !

Hja, dy 't noait fen Jezus hearden,  
Heidens blyn en woest út aerd,  
Fen hjar ôffaers 't kweade learden,  
Liedt Gods hân op 't heilsum paed,  
Neger, Indiaen en Moar  
Bidde 'im oan, Dy 't for hjar stoar.

Ien fen sin, gelove en dope  
Geane wy nei Jezus ta,  
Ien yn God, yn ljeafde en hope  
Meije wy it sillich ha.  
Hwent Gods sêfte ljeafdebân,  
Wynt him sels om 't fierste strân.

Nije broerren, Jezus led'en :  
Wy binne ien yn Him, de Hear,  
En ús tank en ús gebeden  
Rane ta ien lofststim gear ;  
Ringen op de jongste dei  
Fâlt de lêste skieding wei.

A. WYBENGA.

## Gesang CLV.

Sjong nou, ófgelegen lânnen,  
Fierste folken fen 'e wrâld !  
Jezus-sels rikt jim de hânnen,  
Bringt jim ûnder Syn biwâld.  
En Syn heil forlosset jim !  
Loovje lûd en tankje Him !

Jezus segent boppe miette !  
Jezus, Gods en minskne-Soan  
Lit Syn swide rom jim witte,  
Yn Syn tsjinst is 't wûndre skoan !  
Hy, Dy 't sit op 's Himmels troan  
Nimt jim ta Syn broerren oan !

Ja wy sjugge úntelbre skaren  
Harkjen nei Syn ljeafdestim,  
Hjir biskaven, dêr barbare  
Frijen, slaven tsjinje Him !  
Op ús Goadesnoflik paed  
Loert gjin ûnrést, fâlt gjin skaed.

Iderien sjucht bliid Him kommen,  
Mylde segen driuwt oer d' ierd,  
Alle folken haww' t fornommen,  
Sjonne ús God in treftich liet.  
Sels yn 't lân fen slavernij  
Makket Jezus werklik vrij.

Sa sjucht elk it Godsryk kommen,  
't Is ús mei syn segen nei.

Amen, sizze ynbliid de frommen,  
Kom, ja kom, o skoandre dei!  
Wêze 't ierdryk ien yn klank,  
Sizze it Jezus lof en tank!

A. WYBENGA.

## Bilidenis.

Myn God, hwa moast ik for Jo wêze!  
Mar as ik sjoch hwa 'k bin  
En tink oer al myn kwea en 't fûle  
Dêr 'k troch in tiid myn hert mei folle  
Ik stean my sels den tsjin!

En altyd weroan laei de sûnde  
My yn myn swakkens by  
Sels den, as ik it goede oertochte  
Seach Hear, Jins each ho 't kweade ik sochte:  
Forjow myn stroflen my!

Ik haw it flesk to lang al tsjinne,  
De wrâld mei al hijar skyn;  
'k Forbylde me yn myn waen by blinen  
De wille, 't nocht en 't ljocht to finen:  
't Wie neat as kwea-fornyn.

En dan to witten fen it suvre  
Det strielet fen omheech,  
To witten fen Jou tsjinst en 't goede  
En den to hingjen nei it tsjoeede  
Tsjin 't ljeafde-lûken steech:

Det 's djippe sûnde en det is opstân  
Tsjin d'lderbêste Hear;  
Mar o det sjen ho slim ik dwile,  
Ho 't k' mei, dy 't kweade tsjinn'-bile,  
Dét docht sa ynlik sear.

O, lit my gûle oan Jezus foetten  
Bring, Hear, my by it krús,

En siz myn siel fen frede en litte  
My fen Jou great ûntfermjen witte,  
Den fiel ik rjucht my thûs.

O God, hwa moast ik for Jo wêze!  
Jo drage me altyd oan,  
Ho fier ik roun, Jo ha my helle,  
En Jezus hat for 't kwea bitelle,  
Det is myn siel sa skoan.

Lit Heare, me altyd djipper witte  
Ho djip-bidoarn ik bin,  
Mar lit me ek jimmer fêster fiele  
Det Jo it heil binn' for myn siele  
Det noait me ûntfalle kin.

A. WYBENGA.

## „Effatha”.

For de Effatha-stiftinge.

„Effatha, iepen!” spriek ienmul de Heilân  
Do 't Hy meilydsum it lân yet trochtriek,  
„Effatha” en op det machtwird fen Jezus  
Hearde de dôve en de stomme dy spriek.

„Effatha”, hy dy dôfstom wie fornint it;  
Frjemd, ho ienfâldich, gjin rie wirdt him jown,  
Alles to boppe geand ljeaflik, hy fielt it:  
Sa hat hy 't earder yet nea underfoun.

„Effatha”, nuver, hy kin 't hast net leauwe,  
Los is syn tonge en iepen syn ear:  
Dûdlik forstiet er 't: „siz it oan nimmen”,  
Sa sprekt syn Redder. Hy bûgt for syn Hear.

't Heilswird is spritsen — in losmeitsjend wûnder  
Dôfstommen sprekke en blinen kinn' sjen.  
't Suchtsjen fen Jezus, dy opsjucht nei boppe,  
Ammet ek ljeafde foar hulpleaze bern.

Hindrje de bern net om ta my to kommen,  
Stean dy 't dōfstom binn' dochs net yn 'e wei,  
Blinen, wol 'k ha, scil jimm' liede nei my ta,  
'k Lit foar hjar riizje de ljeaflikste dei.

Lit ús — de Heilân gyng foar — Christen-âlders!  
Acht slaen en heech hâlde it ljeafde-gebot.  
Stommen en blinen nei Jezus ta liede,  
Ynlik bigien mei hjar heiselik lot.

Lokkich binn' wy, dy 't dy Godsstimme hearre,  
Jezus joech 't earst fen Syn ljeafde ús in blyk;  
Lit ús, as Him, swier-bisochten ek ljeavje,  
Bringe nei Him, Syn genade is sa ryk.

Jezus, wy freagje : jow ús yn it herte  
Oan Jou formoanjend bifel to foldwaen,  
Om al ús bern oan Jou foetten to bringen ;  
Wol Jo de krêft en de moed dêrta jaen.

Christus neifolgjend, barmhertichheit toane  
Ljeafde biwize oan it hillige sied,  
Hurpleaze berntsjes fortreaste en bihoedzje ;  
Dat is God earje mei wird en mei died.

F. GEARTSMA.

## Us Boike.

Is dêr ús lytse famke,  
Us ljeave skatteblom ?  
En hat se mem fornommen,  
En seach se deytle kommen ?  
En laket hja dêrom ?

Soa, leit hja yn hjar naenke  
To boartsjen en to dwaen ?  
Hat memme it lytse boike  
By swiete sangkjes roeike,  
En koe 't sa'n wille jaen ?

Kom, scoe hja hwet fortelle,  
En wit det popke hwet ?  
Wel spilet d'r al safolle  
Hjar troch hjar lytse holle ?  
Dy ljeave, goudne skat !

En hwa moat nou wer komme ?  
Wol 't pykje der wer út ?  
Kom 'k scil det famke pakke !  
Hja wol wer oeke-bakke  
Dy lytse glêdde snút !

O 't is sa'n glûpske rakkert,  
Hwet sjucht se gleon en wiis !  
Hwet giet det lytse mûltsje  
Fen ljeave lytse moltsje  
En skreppe, 't is in griis !

Dêr hat se heit to pakken  
En streaket oer syn kin ;  
Scil heit ris heech hjar tille ?  
En kraet se it út fen wille  
Giet it hjar sa nei 't sin ?

Kom mem, hjir is it boike  
Hja moat al wer hwet ha'  
Den kin ús fanke dije  
En roazewangkjes krije :  
Dêr giet it noch op ta !

F. GREIDEMA.

## Bea for ús famke.

Hear, hoedzje hjar !  
Jy joegen ús sa'n ynljeaf blomke  
Wy smeitsje wille by de rûs,  
O lit hjar opgroeiye yn ús hûs,  
Us op ús riper tiid ta eare

En mei it each op Jo o Heare!  
O hoedzje hjar!

Wêz hjar neiby!  
Jy witte fen de smat en 't kweade  
Det opbroeit yn det lytse hert  
Mar merk, om Jezus, 't sündge net,  
En lear hjar yn hjar fierder tiden  
Tsjin 't fallen weitsjen, 't kwea bistriden  
En stean hjar by!

En wêz net fier  
As yn hjar herte 't tsjoede lokket,  
De sûnde lûkt en troait en flaeit  
Bigeargens oer hjar wangen aeft  
En smûzet: smeitsje it swide swiete,  
En drink myn drank en sjong myn lieten  
Wêz den net fier!

Wêz stipe hjar,  
As hja troch 't wunder libben akselt,  
De baen opwrakselt yn 'e wrâld,  
Dy wrâld sa húnjend hird en kâld  
Oerdwealsk to moed en wif fen sinnen  
Fen bûten moai, ûnhuer fen binnen:  
Wêz stipe hjar!

Mei 't each op Jo,  
Mei 'n hert, det nei Jou frede freget  
Lit sa hjar as Jou ynljeaf bern  
De wiere kant fen 't libben sjen!  
O bring hjar great, mar lyts yn 't minne  
En bliuwe s'altyd bern fen binnen  
Mei 't each op Jo!

En bring hjar thûs  
Jow hjar yn 't ivich wird de rête  
En lied hjar oan Jins Heitehân  
Aloan nei 't swiete Heitelân  
Dêr 't alle frommen lokkich binne  
Dêr 't altyd skynt Jins Ijeafdesinne.  
Bring dêr hjar thûs.

## Psalm 73.

---

- 1 Foarfëst ús God is Isrel nei  
Hy docht ús goed, bistjûrt ús wei,  
Dy lottere fen herten binne  
Is Hy aloan in mylde sinne :  
Mar al ho goed ik 't witte mei  
Myn foetten strofflen sa bynei,  
Ik miste it doel en 't goed bislút  
Myn tredden gliden frighthet út.
- 2 Ik seach mei nidige eagen oan  
De dwazen pronkjen op 'e troan,  
En ho 't de godleazen hichten fleane,  
Op ierde aloan op roazen geane ;  
Hja witte fen gjin triennebrea  
Der binn gjin bânnen ta hjar dea,  
Hjar kréft is frisk, hja bliuwe soun  
En fleurich oant hjar libbensjoun.
- 3 Hjat witte ornaris fen gjin leed  
Hja sitte as oaren net yn need  
Hja wirde net mei 'n izren beage  
En net as oare minsken pleage  
Dos dogge hja sa vrij en rom  
De greatskens as in keatling om,  
En om 't hjar noed noch soarge kwelt  
Bidekt hjar as in kleed 't gewelt.
- 4 Hjar eagen pûdzje út fen hjar fet,  
D'ynbylding fen hjar idel hert  
Fljucht wit-hwersanne, is slim oermiette  
Wylst s' alle deugd en ear forlitte.  
Hja mergelje de minsken út  
En prate slynsk nei roaf en bút  
Tsjoed fen fordrukme dei oan dei,  
Hja sprekke út 'e hichte wei.
- 5 Hja stekke God sels nei de kroan :  
Hjar mûle taest de himmel oan,  
Hjar tonge wânlet dryst op ierde  
En elk foar-'e-oare kin mar bliede.

Dêrom wynt him Gods folk hjur nei  
 En freget ho 't it wêze mei  
 Det it de frommen earsling giet  
 En 't wetter oan hjar lippen stiet.

- 6 Den peinsje wy : is 't wier ? scoe God  
 Wol kunde hawwe fen ús lot ?  
 Scoe d' Alderheechste werklik witte  
 Ho djip wy hjur yn 't ûnleech sitte ?  
 Hen, dizzen binn godleas en wreed,  
 En dôchs, hjar treft gjin moeite ef leed,  
 Hja hawwe rest, it giet hjar skoan  
 En hjar bisit wint jimmer oan.
- 7 Dos haw ik den omdôch myn hert  
 Aloan op Gods geboaden set ;  
 'k Haw om 'e nocht fen sûnde en kladden  
 Myn lotte hânnen suver hâlden,  
 Hwent pynlik geane dei oan dei  
 De pleagen as myn skaed my nei,  
 Ik tref bitiid yn 'e iere moarn  
 Bistraffings en kastijng oan.
- 8 Mar as ik nou trouleaslik sei :  
 Ik gean ek wânljen op hjar wei —  
 Den scoe 'k net mear de selde bliuwe  
 En scoen' Jins bern net mear Jo leauwe ;  
 Lykwols Gods wegen nei to gean  
 Ha 'k ûndersocht om to forstean,  
 Mar 't skymre me ider eagenblik  
 To slim wie my dit bjuster stik.
- 9 Mar God hat oan Syn tsjinder tocht  
 Hy joech me yn 't hillichdom Syn ljocht,  
 Dér skinkt er witnis oan 'e froeden —  
 'k Joech acht op 'e ein fen alle tsjoeden,  
 Der seach ik op hok glystrich paed  
 Jou hân de snoade sünders laet  
 Hja fâlle ringen yn in tel  
 Yn ivige forwoasting del.
- 10 Ho gean de sûndaers tel to sink  
 Alhiel togruzele yn in wink

De oerdwealske man, de sterke en greate  
 Fart hastich wei en giet to neate,  
 Hjar weelde is as in drôge nei  
 It skril towekker warden wei ;  
 Honear J' ûntweitsje o greate Hear  
 Den is hjar idel byld net mear.

- 11 Do 't ik to rimpen tsjin Jo spriek  
 En 't djip my yn myn nieren stiek,  
 Do woe myn hjitforbolgen herte  
 Net mear op 't Godlik rjuchtdwaen lette  
 Ik wie yn djip rampsaelge steat  
 Unwiis en sinleas wist ik neat  
 Ik brocht mysels yn bitter wé,  
 'k Wie ûnfornuftich lyk it fé.
- 12 Mar nou 's de twivel wei, ik bliuw  
 Bistindich ienmul ticht by Jo,  
 Jo woenen me op it goe'paed sette,  
 Jo ha myn hân, myn rjuchter, fette,  
 Jo scill' my liede troch Jins ried  
 Ut al myn lijen en fortriet,  
 En as myn stof to rêsten leit  
 Oanskôgje ik Jo yn hearlichkeit.
- 13 Hwa haw ik bûte Jo omheech ?  
 For hwa scoe bûten Jo omleech  
 Myn fen Jo hânnen sêdde siele  
 In lôge suvre ljeafde fiele ?  
 Bijowe hjar myn liif en lea,  
 Komt oer myn flesk de kâlde dea,  
 Jo bliuwe stipe for myn siel,  
 Myn rots, myn heil, myn ivich diel.
- 14 Hwent hja, dy 't miene Jo to stean  
 Scille ûnder swiere flok forgean.  
 Jo roegje út, dy 't, sterke Heare  
 Oerhearrich Jo de rêch takeare,  
 Mar jimmer tichtie by myn God  
 To wêzen bliuwt myn sillichst lot,  
 'k Bitrou op Him, Dy 't op my mirk,  
 'k Fortel ynbliid syn Godlik wirk.

Ik fyn de riuchte wille net,  
 Hwer men de iene heger set  
 As de oare feestelinge.  
 It swietst formeits dat smeits ik den  
 As elk him fry formeitse kin ;  
 Gjin om 'e stûke springe.

Sa wier Sytema, in folksman yn march en bien, dy 't yn in êfterôfhoeke fen ús provinsje goed syn plak skien makke hat en net yn it forjitten reitsje mei. Hy mat nêst Waling-Om neamd wirkde om syn winterjounenocht, hwer troch er de Fryske tael yn de Wâlden stipe hat, mar ek om syn tinkwize, dy 't mei Waling-Omme sines oerien kaem. It docht ús dan ek gjin nij, det Waling-Om by de dea fen Sytema 23 October 1885 yn it Frysk Folksblêd fen 15 November in stikje skreau oer syn forstoarne frjeon, dat blikken jowt fen syn greate heechachting. In slepende boarstkwael, dy 't er lang ûnder 'e lea hawn hie, liet him yn 't lêst net folle arbeidzjen mear ta en hat ek in ein oan syn libben makke. Him komt in biskieden plak ta yn 'e Fryske letterkunde.

G. A. WUMKES.

---

## Yn oarlochstiid.

Nei Gesang 176.

---

Wêz meilydsum, greate God,  
 Nytljend nypt ús 't neare lot ;  
 Machtig' Fader, Jo dy 't wit  
 Ho 't Jins skepsel sucht en lit,  
 Harkje nei ús bange bea,  
 Rêd ús fen 't fordjerrend kwea,  
 Oeral driget swird en dea.

D' oarlochslôge slacht omheech,  
 Triuwt ús 't herte nei omleech,  
 Alle wolfeart is fordwoun,  
 Hwet der weeks, leit yn 'e groun  
 Wâdde, en fjuchtsjen, moard en brân  
 Giselt mei in strange hân  
 Folk by folk en lân by lân.

Heare, sjucht Jins each den net  
 't Lijen fen ús siddrjend hert ?  
 Hen, ho longret d' oarlochshelt  
 Nei forwoastjen en gewelt !  
 Rounom set de wraek syn foet,  
 Streamt it waerme broerrebloed,  
 't Herte stiet yn helske gloed.

God, in sterke God binn' Jo,  
 O forhear, forlos ús nou !  
 Wy binn' 't wurdich det Jo hân  
 Tel fordylget folk en lân ;  
 Mar o Heare, dogge ús nea  
 Nei ús skulden en ús kwea,  
 Rêd ús, warje ús for de dea !

Heare, op 's Himmels hege troan,  
 Nim ús kermjend smeekjen aan !  
 Slach de wylde krychsgloed tel  
 Op Jins machtich Godswird del,  
 Jow net nei ús sünden 't lean,  
 Hwa scil den for Jo bistean ?  
 Heare, help ús, wy forgean' !

Jezus Kristus, stean ús by !  
 Om úntfermjen smeekje wy ;  
 Hill'ge Gods- en minskesoan  
 Wêz ús Foarspraek by de troan !  
 Fredefoarst, sa myld en goed,  
 Dwêstje dôchs dy wylde gloed,  
 Bring it minskdom aan Jins foet !

Lit Jins Geast oer d' ierde sjen,  
 Mei de rêt oan 't minskebern,  
 Den is 't bloedskanearjen oer  
 En de fijân wirdt in broer !  
 Lit Jins Geast oer d' ierde gean  
 Lit de folken 't wird forsteaan :  
 Dy 't it swird nimt, seil forgean !

Brek de rûzjes en 't forskil,  
 Sizze oan 't stoarmich jeijen : stil !  
 Sprek tsjin d' oarlochsgrouwlen : wyk

For it Godlik frederyk ;  
 Brek de bôge en 't swird midstwa,  
 Bring ús mylde rête ta :  
 Heilân o wy freegje 't sa !

Hear ! wy longrje nei de dei  
 Dy 't Jou ryk ús bringe mei,  
 Den is 't krychsgeweld fordwoun  
 Ljochtet frede oer heilige groun !  
 Hear ! sa great fen hearskippij  
 Meitsje d' ierde from en frij :  
 Nei dy dei forlangje wy !

A. WYBENGA.

## De singelbeammen.

O skadige beammen oan 't singelske paed,  
 Jim hawwe myn hert nou al jierren ;  
 Ik bin mar in bern by jim reuseforwulft,  
 Det eaget nei 't hiel fier omfierren,

Ho boarte ik hjir faken yn 't lokkige skaed,  
 Wylst 't jounljocht jim krunen oerglimke,  
 Jim boarten do mei, jim geroeik wier in laits,  
 Elts blêdtsje hie 'n swiet eigen stimke.

De blierkjende simmer brocht wille, brocht ljocht  
 En spraette in ryk ljeavjende lôge ;  
 Ik, stoarjend omheech nei it einleaze fjild,  
 Trochfiemke jimm' grienjende bôge.

De daujende moarn briek it skaed fen de nacht,  
 Jim weitsen wer op út jimm' drôge,  
 De sinne toraende jim daukranse tel,  
 Dy dreau nei de blaujende bôge.

Den kaem der in sigentsje en roeike jim sêft,  
 En wekker waerd mosk en waerd protter,  
 En boartsjende fleagen hja ôf en wer ta  
 Mei frjeonlik en tankjend getsjotter.

Den wie 't eft in ingel mei goudene wjuk  
 Jimm' tûkjes en blêdtsjes oerroeike;  
 Ho faek dreau myn tinzen nei 'twûndere omheech,  
 Ho 'n ynlike wille hie 't boike !

Ik hearde de stimme myns Gods yn jimm' liet,  
 Det sveve nei goudene wolken ;  
 't Wie 't : loovje de Heare, Dy kein ús hjir skoep !  
 Det lústrjend jim blêdtsjes fortolken.

Hjur wie 't me as de hill'ge man Gods yn syn tiid  
 — Ho'n frede is yn 't herte my kommen ! —  
 Omheech yn jim krún, yn jim blêdtsjeforweech  
 Dêr haw ik Syn foetstap fornommen.

Sa hâlde jim jimmer de gloed fen myn hert,  
 Lit tiden en stounen fordriewe,  
 En bin 'k ek in bern by jim reuseforwulst,  
 'k Wol drôgjend in berntsje ek ljearst bliuwe.  
 A. WYBENGA.

## Né, stjirkjes, né !

Né stjirkjes, né, jim wit it net  
 Ho njûr de wyn oer d' ierdbal jaget,  
 Ho rimpen hy it blêdgewaeks forfaget ;  
 Ho 't blomke kniest en tel forstjert !  
 Jim tinke misskjin  
 Det s'oan 't kriboartsjen binn'.  
 Dy blêdtsjes heech skreppend  
 En gysten forreppend !  
 En jim hearre de sucht fen 't yn swym bûke hert,  
 En jim witte fen 't skriemen fen tûzenen net !  
 Jim glinsterje yn rêt yn it blauwe sa dreech  
 Dêr omheech.

Né, stjirkjes, né ! jim wit it net  
 Ho slynsk de minsk it kweade siket,  
 Ho 't him in macht fen wylde tochten priket  
 Ho bot er 't eigen lok fordjert.

Jim tinke misskjin  
 Det wy beukerkes binn  
 Dy 't grapjeije en laeitsje,  
 Mei 'n bytsje ús formeitsje.  
 En jim witte fen 't haetsjen en moardsjen nin byt !  
 D' evenminske to gyslijen, to moardsjen is 't wyt.  
 Ho d' iene hjir de oare delwâddet yn smert  
 Wit jim net.

Né, stjirkjes, né, jim witte it net  
 Ho stymsk myn herte wynt en slingret,  
 Ho 't grynt en skolpret en nei 't tsjoede hinget,  
 Hwet wei it út wol wit ik net !  
 Jim tinke misskjin  
 Det ik in ingel lyk bin  
 Dy 't lof jowt en eare  
 Syn Skepper en Heare,  
 En jim wit net fen 't opstean tsjin 't heechste bistjûr,  
 Ho der gloeit yn myn ynlik in pimperjend fjûr,  
 Jim tinke oan jim glâns lyk sà kwikker ús hert,  
 't Is sa net !

D'r is Ien, Dy 't wit ! Dy 't wit ho'n wé  
 Wy yn ús faei bisteau bihelje ;  
 En dôchs ! Hy wol ús net nei 't kwea bitelje  
 Hy grypt ús út dy lijenssé !  
 Hy wit hwa 't wy binn  
 Ho ûnhuer en ho min  
 Ho siik yn ússelme,  
 Fen Sodom bidwelme !  
 O, ho great is Gods goedens, wy binn der yn wei :  
 For de sûndaers genade, Gods keninkryk nei !  
 D'r is Ien Dy 't oanskôget it leed en 't forlet  
 Fen ús hert  
 En ús rédt.  
 A. WYBENGA.

## Feilich in Jezus' earmen.

Nei Sankey.

Feilich in Jezus' earmen,  
 Feilich oan Jezus' hert,